

—

Dirk van der Veen

Semper Avanti

—

Ik sil dy ris wat moais fertelle. Hoe't it allegearre sa kommen is. Dat ik hjir no sit oan de bar mei dy te petearjen. Eltse oarsaak hat nammers syn gefolch en sa is dyn of myn oanwêzigens earne op in punt yn tiid en romte nea tafallich, mar om sa mar te sizzen fêstlein en it gefolch fan wat him foartiid ôfspile hat, as't begrypst wat ik bedoel.

Ik kom hjir net faak. De drank is langer net mear te beteljen yn kroegen. Men kin better thús drinke as men ferlet hat fan de berûzing.

Drank is de oarsaak fan alles tink ik wolris, want ik kin suver net teplak bringe wat der wie foardat der drank wie. Faaks is dat ek de bedoeling fan it ynnimmen fan grutte poarsjes alkohol. De pine dy't der wie yn it ferline ferjitte om fannijs te begjinnen.

De Yndianen brûke drank as therapy. De werberte therapy, sa neame sy dat. Hast der wolris wat oer heard. Nee. No lit mar sitte. Yn elts gefal is drank de oarsaak fan alles. Tink ik betiden en yn myn gefal is dat seker sa. Want as der gjin drank wie, hie ik my nea opnimme litten yn de saneamde ôfwenningsklynk oan de Detoksleane yn dizze stêd en dan hie ik har nei alle gedachten nea moete.

Want wêr hie ik har oars moetsje moatten? Wy holden net ta om samar te sizzen yn itselde fermidden. Wol beide yn de legerein. Dat dan wer wol. En al komt sy út Amsterdam. Doe't ik yn Amsterdam studearre wenne sy al in skoft yn Grins.

Sy is berne yn de Haarlimmerhou ttunen, dêr't men yn har bernetiid as lyk noch net fûn wurde woe, sa't de siswize giet. In efterôfbuert fan komsa. De kâns hat dus net grut west dat ik har yn Amsterdam tsjinkommen bin en al hat dat wol sa west, want sy reizge yn dy tiid wol ris in wykeintsje nei heit of mem, dy't doe noch altyd yn de Jor daan wennen, dan hie ik har foarfêst net weromkend as de frou dêr't ik letter in relaasje mei krije soe.

Meastentiids rint men inoar as in frjemd foarby benammen yn de grutte stêd, want as men mei al dy minsken dy't men dêr foarby rint yn 'e kunde komme wol dan kin men wol oan de gong bliuwe, tinkst ek net? Dêr is gjin

begjinnensein oan. Ja, dat bist wol mei my iens sjoch ik wol, oan it lytse glimke dat op dyn antlit ferskynt.

Sy is ek acht jier âlder as ik, en asto sels 18 bist en in frou 26 dan sjocht sa'n frommes fansels net nei dy om, dat is logysk.

Froulju sjogge om dy âldens hinne allinnich nei folwoeksen, sterke mannen mei jild en ferantwurdlikheidsgefoel om bern mei te krijen. Koartsein, in keardel, dy't foar har soargje kin en net nei in healwoeksen studint dy't mei de siel ûnder de earm yn 'e grutte stêd omdoarmet op syk nei immen dy't Oof kin.

Letter wurdt dat wol oars, dan binne de rollen keard. Sa giet dat yn it libben en sa wie it ek doe't ik har moete yn de ôfwenningsklynk en al hiene wy op dat stuit út noch yn net ferlet fan in relaasje of seks mei wa dan ek. Want dat is yn dy omstannichheden yn it foarste plak tige ûnferstannich en yn it twadde plak suver ûnmooglik. Nee, der wie doe noch neat te rêden. Dat kaam pas letter.

Nim noch ien fan my, it falt tinkt my net ta om myn gelul oan te hearren.

Der wie doe noch neat te rêden. By de kreative therapy, dat wie sawat de ienige sessy dêr't wy inoar tsjinkamen, want sy siet op de intensive care en ik op de medium care 2, haw ik har ferteld dat ik har wol grappich fûn, neidat sy in oanmerking makke oer in tekening fan my, mei dêrop in junk oan it sinezen, mei de tekst der by 'create your own freedom,' wêroer't sy te sizzen hie: 'die ken je so in een coffeesjop ophange.' Of wie it no sa dat ik fûn dat sy wol gefoel foar humor hie, dat heucht my net yn elts gefal. Dat wie oant dan ta ús earste en iennige kontakt.

Ik bin oars op de Detoksleane telâne kaam, mocht it dy ynteressearje, út reden fan it feit dat ik yn dy tiid fierstente folle alkohol en drugs brûkte.

Ja dat is logysk, hear ik dy tinken. Mar sa logysk is dat net. Ik hie der ek foar kieze kinnen om myn problemen sels op te lossen. Mar woe ik dat wol? In minske allinnich is neat. Ik hie just ferlet fan - it wie ein novimber, tsjustere dagen, de feestdagen foar de doar - minsken om my hinne.

Ienlikens wie in grut probleem foar my. Ik koe my dan wol eltse dei smoar drinke en as dat net genôch wie nei myn freon Joast de junk rinne om der noch wat heroïne oer hinne te smiten, mar dat soe úteinlik gjin posityf resultaat opsmite. Allinne by de dopingtest haha.

Dat wist ik fan tefoaren, yn dat gefal mocht ik bliid wêze as ik nijiersdei helje soe. Boppedat wie der in finansjeel probleem, desimber is in djoere moanne. En it wie folle goedkeaper om dy in de klynk troch te bringen.

Iten en drinken gratis. Dat skilde stikken. Ik wie in kalkulearjende pasjint. Ik wist dat ik it dreech krije soe yn desimber en liet my dêrom mar opnimme, ek by wize fan eksperimint, want ik hie soks noch nea earder meimakke en ik tocht: baat it net, it docht ek gjin skea. No dat foel ôf. De Detoksleane neame se hjir ek wol de ôffiergoate fan de maatskippij. Dat kin men wol sizze ja. In

ûnrant dat dêr omrûn. De ien noch minder as de oar. Allegearre probleemfigueren. De measten mei de bek yn beide hannen, de ien noch drokker as de oar en allegearre fielden se harren misdield, eftersteld en wit ik net wat. Oan de oare kant wiene der ek guon dy't allinnich mar swiersettich foar harren út stoareagen. Dy diene gjin bek iepen. Libbene liken en ik siet der tusken.

Ik sels bin in reaktyf persoan sa't men dat neamt, dat wol sizze ik reagearje op dingen dy't barre of sein wurde en sil yn in groep sels net gau de earste stap sette of sizze. Ik sjoch de kat út de kersebeam fallen.

Ik lit dus dingen op my ôfkomme, nim dy yn my op en reagearje dan al of net. It probleem wie dat dêr op de Detoksleane fierstente folle op my ôfkaam. Fierstente folle prikkels. Minsken dy't dingen seine en balten sûnder der oer nei te tinken. De ien hie ferlet fan lûde muzyk, de oar woe rêst oan de kop. Tillevyzje út, tillevyzje oan. Allegearre trelit. By einbeslút wie ik allinnich mar dwaande om my ôf te sûnderjen en de privacy op te sykjen en ik tocht, ik kin likegoed of faaks better thús sitte.

De terapysessys stelden it measte net foar. Joga, sport, muzyk, kreatyf. By joga siet der altyd wol in grapjager tusken dy't de boel siet te fergriemen en ferdonderjeien mei stikelich praat of in sabotazje-aksje.

As ik klear wie foar de sport en op tiid foar de útgong stie te traapjen om nei de sporthal ta, kamen de measten tsien minuten te let oan te skytskoarjen, want sport dêr waarden se wurch fan en dêr hiene se it mier oan. Foar my wie sport just de iennige manier om myn enerzjy en opkroppe emoasjes kwyt te reitsjen.

Muzyk fan itselde lekken in broekje. Altyd de boel fergrieme en ferdonderjeie. O, wat binne wy grappich, o wat hawwe wy in lol. Om te spuien.

It slimste wiene noch de saneamde temprûntsjes dy't twa kear deis holden waarden. Dan moasten wy yn in rûnte sitte en moast eltsenien fertelle wat er dy dei útheefd hie en hoe't er him (dêroer) fielde.

De argewaasje dy't yn my opkaam as ik myn beurt ôfwachte en wilens siet te harkjen nei it sielelibben fan dizze of jinge omkoal. It baarnde my yn. Wat koe my dat skele. Sjit op jonge. Breidzje der in ein oan, dan binne wy namste flugger klear, tocht ik en wilens siet ik te betinken wat ik no wer optinke soe. Alderferskuorrendst.

Ik lei op de keamer mei in Remmelt dy't earne út Drinte weikaam, Hoo-geveen of dy omkriten. It die bliken, neidat er in fragelist fan de húspsycho- looch ynfuld hie, dat er in saneamde ôfhinklike persoanlikheidsteurnis hie, hat er my ferteld. Dêr seach ik net iens sa nij fan op. It wie in hiele aardige fint, alhoewol't er allinnich mar rûgeltsjes op syn bôle friet. Ek al sa nuver.

Hy wenne tegearre mei in frou dy't trettjin jier âlder as hij wie. Ut en troch sloegen by him de stoppen troch. Dan gong er oan de swier yn Grins. Op 'e weromreis dield er fleskes bier út oan syn meipassazjiers yn de trein.

Hy stapte ûnderweis wol ris út en einige dan op sneintemoarn bygelyks yn in fuotbalkantine yn Swiggelte dêr't de pleatslike befolking him wat twifelriedich opnaam.

Hy is ferskate kearen troch de polysje fan de snelwei plôke. As er thús kaam hie syn frou de doar op slot en liet him der net yn. Dan wâde er in rût yn en krige sa dochs syn sin. Twa tellen letter stie de polysje foar de doar en no siet er ôf te wennen oan de Detoksleane mei in r.m., in saneamde rjochterlike machtiging oan de broek, wat betsjutte dat er min of mear ûntarekkenber achte waard en dat syn lot yn hannen fan de helpferliening lei. Net sa bêst dus.

Nettsjinsteande it feit dat er dit oan syn wiif te tankjen hie, stjoerde er har eltse dei in kaartsje mei smeekebeaten om him asjebleft werom te nimmen en dat er sa fan har hold.

Ik sei tsjin him, do likest wol gek. Do moatst de eare oan dysels hâlde jonge. Mar nee, in ôfhinklike persoanlikheidssteurnis.

Iksels haw ek sa'n fragelist ynfold. Ik wie wol benijd nei wat my no krekt mankearre. By my wie it fan alles wat.

Neatsizzend en dus neat, tocht ik.

Flak foar de krystdagen sieten myn fjouwer wike der op. It earste dat ik die, nei't ik mei in sucht fan ferromming de poarte útrûn, wie nei de Aldi ta om fjouwer flessen wite wyn te keapjen en dy thús lykme allinne en hiel gelokkich soldaat te meitsjen.

Hee, bist der noch? O ja, dêr wiest. O, do hast efkes nei it húske west. No ik haw dy net iens mist. Nee dat is fansels in grapke. Kom der gau by sitten. Wolst noch ien fan my ha? Ja fansels.

Fan my wurdt ek wolris sein, dat ik dy fraach noch nea ûntkennend beäntwurde haw. No ja.

Twa moanne letter stie ik yn 'e supermerk trije litersflessen wite wyn ôf te rekkenjen, doe't ik efter my yn de rige dat Amsterdamske frommeske fan de kreative terapy gewaar waard.

'Hee, hoi, hoe gaat het?' frege sy. No do sjochst it wol, sei ik en ik wiisde op de trije flessen wite wyn op de bân. Oft ik dêrmei bedoelde dat it just hiel goed of striemin mei my gong wit ik oant no ta noch stees net. Om in lang ferhaal koart te hâlden, se útfanhuze in wykein by in freondinne fan har, dy't yn deselde wyk as ik, de Oosterpoort wenne. Troch de wike en faak ek yn it wykein siet sy yn Dinne-oard, de psychiatryske ynrjochting te Súdlaren, dêr't sy net alhiel op har plak wie, want se wie net gek, allinnich wat ferjitlik troch bûtenwenstich gebrûk fan alkohol.

Korsakov yn in ier stadium. In lyts bytsje Korsakov. De helpferliening hie har dêr pleatst omdat der earne oars gjin plak wie. Sy moasten har wol earne pleatse want se hie sels gjin hús mear. Sy fertelde my dat se lykme allinne

it âldjier yn de ôfwenningsklynk útsitten hie. Alle oare pasjinten wiene nei hûs, freonen of kunde ta. Dat begrutte my al wat om har.

Sy rûn mei my nei hûs ta. Sy wie wol benijd wêr't ik wenne. No dat koe wol efkes. Yn 'e hûs is der fierders net folle bard. Se wie wat skruten oangeande it brûken fan alkohol, want dat mocht perfoarst net, hiene se har goed yndruid. Dochs naam sy in pear slokjes fan myn wite wyn.

Ik fûn har in leuke frou. Dat it foarhinne in hiele moaie frou west hie, koe men sa wol sjen. Se hie in wipnoas en swart hier mei in tûfe heal oer ien each. Se droech in bân om it hier. Har eagen wiene bysûnder, griis-grien-blau mei lytse priemkjende pupillen. It liken wol wolve-eagen. Se wie meager, mar wol mei brede skouders, atletysk dus en dat stie my wol oan. Ik hâld net fan fette froulju.

It wie in keunstnerstype. Wat klean en oare opskik oanbelange hie sy in eigen styl dy't goed by har passe. Lykas dy hierbân tsjinnen sy as in soarte fan skaaimerik. Ik mocht har wol lije.

Sy moast werom nei har freondinne. Wy wikselen tillefoannûmers en adressen út en fierders soene wy wol sjen.

Sy hie it âldjier dus allinnich útsitten en ik betocht my ynienen dat it by my net bot oars west hie.

Wat wie nammers it gefal. By gebrek oan better en fan klear earmoed hie- ne ik en de Sileen mar besletten om tegearre it âldjier yn De Like út te sitten.

Ik mei de bus derhinne. It wie al jûn. Doe't ik dêr oan kaam wie der gjin lân mei him te besilen. Smoardronken. Sels dronken wêze is meastentiids wol leuk. Mar in oar sa dronken te sjen, wylst dy persoan dochs de iennige is dêr't men in besteklik praatsje mei hawwe kinne soe, dus net. Ik fiede my dêr al daalks allinnich.

Boppedat hiene syn buorlju yn harren wiisheid besletten om de boel by him yn brân te stekken. In tûnstekje en in konifear dy't by him yn 'e foartún stie gong yn flammen op. In soartemint fan folksgerjocht op lytse skaal. De Sileen lake der net minder om. Hy lake like hurd mei de buorlju mei.

Wy waarden bestoekt mei fjoerwurk. It spatte útinoar tsjin de ruten. It wie him like folle. Healwei alven lei er op syn nêst ferheftich te snoarkjen. Ik hie it ryk allinnich.

Syn mem belle noch twa kear út Sily wei. Har Spaanske hakmak koe ik dreech ferstean. Mar ik wist likernôch wêr't it oer gean moast. Ik besocht him wekker te krijen mar it slagge net. Hy dwile allinnich wat en sloech om him hinne. He no waky up, sei ik tsjin syn mem en smiet de hoarn op it tastel. Sa.

Ast âld-en-nij allinnich trochbringst hast ris goed de tiid om oer dysels nei te tinken. In foarm fan meditaasje. Ik liet alles op my ôfkomme en wachte de klok fan tolve oere ôf. Ynienen wie it safier.

It fjoerwurk sette no goed útein en ferljochte de loft boppe de kime en de

huzen. Ik die alle ljochten yn 'e hûs út sadat ik alles better en mei mear kontrast observearje koe en ek omdat de buorlju dan foarfêst tinke soene dat wy of fuort of op bêd wiene en my gewurde litte soene.

Bûtendoar gong it geweld gewoan troch.

De oare deis, nijjiersdei, hiene de Sileen en ik inoar net in soad te sizzen. In kater fan komsa. Dyn mem hat noch twa kear skille, sei ik tsjin him. O, wie syn iennige en ûnferskillige reaksje. Ik besleat in kuier oer Nienoord te meitsjen. In goed begjin fan it jier, tocht ik. In eintsje te kuierjen.

Nijjiersdei is de meast deprimearjende dei fan it jier, fyn ik. Fynst ek net? Nee, oh. No ik fyn fan wol. Wer in jier wer fannijs begjinne, wer werom nei nul.

Ga terug naar af, dat idee.

Dy dei wie seker deprimearjend. It wie teiwaar. Sniebrot. Grize blabze. Grize loft. Stribberich waar. Net eat om bliid fan te wurden. In nij begjin.

In hoopfolle takomst. It jubeljier. Ik rûn oer it swarte asfalt dat sniefrij makke wie tusken rigen beammen troch. Foarút. Tsjin better witten yn.

Semper avanti, tocht ik. Foarút. Op in beskaat stuit bin ik mar werom gongen. Werom nei Grins. Mei de bus.